Kritelûd



25 maart 2023

"Amateurs"

fan toanielferiening It Heideblomke

yn De Schalle

1919 SJOUKE KOOPMANS MODE MEPPEL 2019

LEXIS notarissen

Meppel Brouwersstraat 8 0522 25 28 50

www.lexisnotarissen.nl
notariaat / estate planning / echtscheiding

FRYSK SELSKIP "WALING DYKSTRA" MEPPEL E.O.

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors
Veendijk 37
7971 RP HAVELTE

Pongh.: Edzer Kooistra
Logten 13
8431 KR EASTERWALD

Waling Dykstra
gipsgravure fan
Pier Pander

Lid fan it Frysk Boun om Utens

Fan'e foarsitter

Noch altyd spile it koronaspûk rûn yn myn efterholle. Soe it wer krekt sa gean as de ôfranne jierren?. Krekt as it spul op'e wein stie koe der wer in Haachske lock-down om'e hoeke komme. Dizze kear wie it net sa. Nei Sinteklaas mocht ik acht krúskes op'e rige sette. Mei de Krystdagen wiene de bêrn wer foar it earst yn jierren mei syn allen thús. It ritme wie der suver út en eins hie ik Evert-op'e-rêch. Neat fan sizze. Sa min wol men net wêze.

Nei "Ald en Nij" kaam "It Breamiel" yn sicht. De earste fraach wie: "Hoefolle leden hawwe wy noch?" Fuort dernei kaam de fraach: "Hoefolle mei-iters?" Nei in stikmannich tillefoantsjes waarden dat goed 20. Dat hie minder kind. Gâns wis wie it net. Net eltsenien koe it garandearje, mar moast it ôfhingje litte fan it lêste momint. Korona wie noch net fan'e tafel as der stie wer in âlderwetse gryp om'e hoeke en ek de jierren fan'e leden begjinne te tellen.

Lykas wy een pear jier ferlyn ôfpraat ha begjint de jannewaris-gearsit middeis tusken trije en fjouwer. Net mei it iten mar mei in nijsgjirrich petear. Dit kear wie it it ferhaal van skipper Johannes Hobma oer syn reis fan Heech nei Londen mei de "Korneliske Ykes II" yn juni 2019. Fan 1731 oan't 1938 wie der in libbene hannel yn libbene en rikke iel tusken Heech en Londen. De Fryske ielhanlers hiene in oanlisplak oan'e Theems: the "Dutch Mooring". Dat wie flak foar "Billingsgate Fishmarket". Wa't in bytsje bekind is yn London en by de Theems omstrúnd hat sjocht it aventoer fan it heech en leech wetter yn 'e Theems dat rikt oan it hert fan London. Skippen dy't twa kear deis mear as fiif meter op en del geane mei it wetter.
Johannes Hobma wie in smoute prater en sa no en dan moast men efkes de mage fêsthâlde as it skip op'e kop stie, mar ek as it iten bepraat waard.

Lykas gewoanlik wie de jiergearkomst it stypbêrn tusken it belang fan it ferhaal en it belang fan'e lege mage. Dochs binne alle saken oan'e oarder kaam. De skriuwer sil dêr letter omstannich fan berjochtsje. Ek de sinteraasje is besprutsen en sa as gebrûk fuort ôfhannele. De rekkenopnimmers wiene fol lof oer it wurk fan'e ponghâlder. Hy krige fan eltsenien de hânnen op mekoar en dermei in wol fertsjinne desjarzje.

It hat Leny gans switdruppen koste, mar dochs hat se it foar mekoar krigen en komt der wer in toanielstik. Dizze kear wurdt it: de toanielploech "It Heideblomke" út Jobbegea mei it stik "Amateurs". Fierderop lêze jo der mear oer.
.

Ludzer van der Schors,
foarsitter

Amateurs

fan toanielferiening "It Heideblomke"
25 maart yn De Schalle

Sân akteurs krûpe yn de hûd fan de spilers fan "Toanielploech It Heideblomke". De toanielploech mei einlings repetearje yn de grutte seal fan de Kompenije! Om it nivo omheech te heljen, ha se foar dizze foarstelling in profesjonele regisseur ynhierd. De sfear wurdt oanienwei nerveuzer, der is net folle tiid mear oant de premjêre, de regisseur wurdt ûngeduldiger, kostúms binne net ôf, der is djin dekor en wa docht no eins presys wat? En wa sit der hieltyd mei it ljocht om te kloatsekjen, komt Joop noch en wa docht it no wol of net mei de regisseur?

Allegear fragen dêr't noch in antwurd op komme moat, foar de jûn fan de premjêre……

De komeedzje "Amateurs" is skreaun fan Wannie de Wijn en oersetten fan Gurbe Dijkstra.

Mear ynformaasje

Mear op harren webstek www.toanielferienigingitheideblomke.nl en Facebook (sykje nei “it heideblomke”).

Datum en plak

Datum: sneon 25 maart 2022, 20:00 oere jûns.
Plak: Doarpshûs "De Schalle", Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen, till. 0522 - 491422.
Yntree (ynklusyf 3 konsumpsjes): € 6,50 foar leden, € 16,50 foar net-leden.

Ferfier

As der minsken binne dy’t it ferfier wat nuodlik fine, dan graach by it bestjoer melde. Lyksa wurde minsken socht dy’t helpe wolle by it ferfieren fan leden.

It wetter oer - efkes buorkje

It sil sa njoggentjin-njoggenensantich wêst hawwe. Hy krige in stel keardels by him dy't hast mear mânsk wiene as hy sels.
Sjoch seine se: "It Atheneum giet nei Athene. De H. B. S. giet nei Rome. De Mavo giet nei Parys. De Spinaazje-Akadeemje giet nei Brussel en de lânboubokjes bliuwe moai thús. Wy hiene de Praktykskoalle yn Dronten dêr't wy in wike "trekkerke boartsje" koene, mar dat ha se ús ôfstellen. Dat wie allinne noch foar de Middelbere Lânbouskoalle. De lânboubokjes hoege nearne hinne. Dy bliuwe moai op eigen hiem.
Sjoch seine se: "Jo jouwe Ingelsk, dus jo regelje mar moai dat de fjirde klasse elts jier nei London giet. De foarsitter fan it bestjoer is der fêst ek foar. Syn eigen jonges fleane ek oeral hinne".

Net dat hy der gjin nocht oan hie, mar it soe in toer wurde. De foarste barraazje wie it jild. Eins wie it in dubbele oxer. It jild moast út it lytse âlde knipke fan'e baas komme en dat gie min iepen. As der op skoalle wat komme moast wat net reglementair út Den Haag kaam, dan kaam altyd dat lytse knipke op it buro. It like krekt as moasten dat soad saken fan it húshâldjild komme. Dochs koe der op harren skoalle mear as op'e measte oaren.
It twadde punt wie de reissom fan'e dielnimmers. Net alle âlders hiene wyt strie foar struiïng. Hjir en dêr hong it rip heech. Dan wiene dêr de kollega's. Wa't mei koe wie fuort foar. Tusken de thúsbliuwers sieten fantasten. Men kin jin net foarstelle wat der allegear net misgien kinne soe. Syn eask wie: der moast Ingelsk praat en leard wurde. Dus gjin eigen bus mei. De foarsitter woe in agraryske komponint - dat waard "Reading University". Men moast sjen litte dat men mei dwaan koe yn'e nijermoadske tiid. Yn it Science Museum stie in Apollo Capsule. Dy moasten se yn elts gefal sjen.

Om mei de knip fan'e baas te begjinnen: " Dy wie allinne foar it 'Needfûns'". De dielnimmers moasten sels it jild opbringe. Tsien gûne yn'e moanne yn klas twa en trije en yn klas fjouwer wie it earste semester foar it eigen bûsjild. In 'ekonomy-projekt' mei in eigen rekken by de Rabo dy't letter trochrinne koe en fuort rinte dwaan soe. Fan dy rinte mocht brûkt wurde as ien oars net mei koe. It earste jier moast it budget wat leger. Der wie noch net lang genoch sparre. Letter soe it faaks om'e twa hûndert kostje meie. It earste jier moast it net djoerder wurde as ƒ 175.

Dêr moast hy mei op'en paad. Ferfier, iten, drinken en sliepen. Der wiene genôch studintereisburo's, mar dy wisten wol fan prizen. Sels dwaan wie it goedkeapste. Hy fûn in flecht fan Iepenburg nei Gatwick mei in Grumman Tracker. In healsliten militêr tastel. Dat wie in aventoer op'm sels. Via “Teener Twen” fûn hy in hotel mei healpension. It English breakfast wat yn syn holle siet kaam net yn e mage. Dat waard “Continental” en as it plakje tsiis op'e kranten foel koene je gewoan troch lêze. Sa hat alles ek wer syn foardiel. De weromreis koe net troch de loft. Dêr wie te min jild foar, mar der wie in Ingelsk buro dat “boat-trein-kaartsjes” ferkocht yn in oanbieding. Hja fûnen it frjemd dat hy gjin return tickets naam.

De fleanreis wie in belibbenis op himsels. De kleur fan de fleanmasine joech andert op in soad fragen - it wie legergrien. Dat sei genoch. Binnen stiene twa kear twa rigen stuoltsjes dy’t kwa ôfmjittings net misstien hiene yn in italiaanske bistro. Tusken de cockpit en it passagiersdiel siet in suterich gerdyn wat oer en te folle wie. It bleau gewoan iepen. Wylst wy oan’e kofje sieten stie it tastel foar it rút en koene wy it staaltsje technyk bewûnderje. Dêr soene wy aanst mei de loft yn. Moedeleas as by in wjuklamme ein hongen de wjukken fan'e “boppe-dekker” nei de grûn. Folle fertrouwen joech it net, mar dêrom noch mear aventoer.
Syn kommintaar op krityske fragen wie it sterkst mei: “Sjoch dit tastel is wol âld mar noch nea delstoart. Mar ja, it is sneu as je belutsen binne by de earste kear. It foel him op dat se stokstiif op'e te lytse stuoltsjes sieten. Te mear it fleantúch faart kriich te mear de wjukken in oare posysje ynnamen. Op de grûn hongen se suver del. Troch de faart bûgden se omheech en kaam de masine der hast ûnder te hingen. Op de fraach: “Komt dat wol goed” andere hy: “Oant no ta wol”. Dêrnei bleau it lang stil. Hy fûn fleanen moai en yn sa'n âld “kret” fielde hy dat alles yn him trille.

De deis dêr op stie “de lânbou” op it programma. De learlingen hiene om Londen frege om't Ingelsk op it roaster stie en syn motivaasje wie: dan moat it foar it fak ek doel ha en moat der Ingelsk praat wurde. Gjin eigen bus mei, mar rûnstrune yn in romte dêr't it Grinslânsk net ferstien wurdt. Mei it iepenbier ferfier Londen út en it Greefskip Kent yn. It kaam oerien mei it busboekje en nei oardel oere stiene se ûnder de fjouwerkante toer fan in âld tsjerkje mei midsiuske kantielen. It duorre net lang of in stikmannich “Landrovers” kamen om’e hoeke en de reis nei de “Farm” koe begjinne. Op’e daam stie grutsk it boerd “Baflo” en sels foar de kofje wiene se al thús. Der wie gjin wurd Ingelsk te bekennen. Dochs foel der in soad te leren.
De kij by simmer en winter bûten en in stâl mei inkeld wyn-brek-gaas wie by ús doe noch gjin moade. De boer hie syn “Frisian-Holsteins” meinaam en woe se net ferruilje foar it keppelsje Yersey’s dat hy by de keap oernaam hie. Dat dêr samar in pear grutte ikebeammen midden yn it gerslân stiene wie efkes wennen en dat it jierappellân optilde fan

fûstgrouwe fjoerstiennen moast ek wenne. De tiid fleach om. Om it busbedriuw net wer yn ferlegenheid te bringen wie ôfpraat om op weromreis yn twa groepen te gean. Tritich grouwe pubers tagelyk yn ien bus derby en dan foaral yn'e spits wie wat te folle fan it goede.

De earste groep gie om fjouwer oere hinne fan'e pleats en koe sa fan'e Jeep oerstappe op'e tsjinstbus. De oare helte siet noch lekker oan'e kofje en hja hiene it bêst nei 't sin. Se koene yn Londen dochs tagelyks oan it iten. Stadich oan beluts de loft en nei ferin fan tiid waard it inket-tsjuster en it begûn ek te waaien. “We kinne better yn'e auto stappe en nei it doarp ride“, begûnen de earsten. “We moatte de bus net misse”. De bus soe der om fiif oere wêze en it wie noch gjin healwei. De loft waard swarter en swarter. It wetter kaam by bakken del. Ynienen wie it blêdstil. It swart feroare yn gielgrien. “Foar my mei de bus no wol komme”, hearde hy. Moai wie oars. De ljochte kleuren sakken fuort. Der kaam wer wyn op setten en mei in lege grize loft kamen de earste snieflokken. Dy mochten der wêze. Bernehantsje, sa grut. Je koene net omsjen of de dyk lei fol. It gie oan. Nei it doarp. Nei de toer. Fuort setten de “Landrovers” wer ôf. It waard tiid om op it bedriuw saken fêst te setten en se woene ek net ûnderweis fan'e dyk ôfreitsje.
It waard letter en letter. Fiif oere - gjin bus. Seis oere -- gjin bus. Sân -- noch it selde. It snijen waard súntsjes minder. Sa tsjin healwei achten kamen twa suterige lytse koplampkes wei stoppe efter gerdinen fan snie. De bus fan fiif oere mei hast trije oeren fertraging. En bliid !! Lekker droech en waarm yn'e bus. Droech gie noch, mar waarm wie oars. Hy hie it gefoel dat hy sa fuort waaie koe. It fielde as stie men bûten op it strân yn in noardwester stoarm. De bus hie foar en efter harmonika¬doarren. It like dat se heal iepen stiene en net ticht te krijen wiene. By Greenwich wie stadichoan de lijte fan'e stêd te fernimmen. It rûn tsjin alven. De jeugd kaam ek bytsje by bytsje de skrik te boven. “Ik wie dea-benaud” en “ik ek”. Mar it sicht op de takomst makke de measten wekker. Ik ferrek fan'e honger wie by de measten de utering fan in basaal gefoel fan libben.
By it hotel wie it in kabaal fan jewelste. Wer bleaunen jim sa lang ? De kok koe de hannen op mekoar krije. “I waited for you. You like french fries”. De man koe net mear stik.

Op it lêste stik yn London wie it him opfallen dat der wat net deugde. Hy hie troch de ruten sjoen en seach in lege spûksted. Hy miste lampen dy't by syn witten altyd baarnden en no net. Oan de ein fan it iten - it wie nei tolven - sei er: “Sân oere moarnier?” Hy krige de reaksje dy't er ferwachte. “No. dan sliepe we út oant healwei alven”. De seal wie noch earder leech as hy tocht hie.
De oare moarns om sân oere sette hy de tillefyzje oan. Dat wie net bêst. Hy luts in jas oan en gie nei bûten. De strjitten wiene leech. Mear ferkear as grutte wiete stikken karton wie der net. Dat wie it iennige wat beweegde.

De izeren harmoanika's sieten foar de tagong fan'e Underground. By Haymarket fûn hy in kranteman. It ienichste wat der útkaam wie: “Terrible – Terrible”. Foar syn gefoel wol tsien kear werhelle. Hy seach op syn krante. Mear as 20 minsken yn’e sliep ferdronken yn 'e ‘souterrains” lâns de Thames. “Terrible”, ”Terrible”.

Pyk en Co

Fan de bestjoerstafel

2024 . Jubileumjier – help frege

!!!!!! It docht ús deugd dat de earste foto’s en stikjes binnen komme, mar it boekje is noch lang net fol. !!!!!
Wy binne net mear manmachtich. Dat betsjut dat it wurk op in pear skouders del komt. Wy ha al in kearmannich besocht nije minsken foar it bestjoer te finen. Dat brekt meastentiids ôf op it ferplichtsjende karakter. Lju wolle har net fêstlizze foar langere tiid.
Mar diskear leit dat wat oars. Maart 2024 is te oersjen en it wurkfjild is beheind. It giet om útstellen foar in jubileumprogramma en foar in ekstra edysje fan it Kritelûd – in Jubileumboekje.
Fierders sykje wy minsken:

- dy’t in stikje skriuwe kinne
- dy’t âld leden kinne dy’t wat fertelle kinne
- dy’t âlde útjeftes fan it Kritelûd (te lien) hawwe
- dy’t witte fan âlde foto’s fan’e Krite en it Kritetoaniel

Reaksjes nei de leden fan it bestjoer (sjoch efterside fan it Kritelûd).
Der is ek in projektside ynrjochte:
https://www.tipbrug.nl/walingdykstra/jubileum/

Fan 18 maart nei 25 maart

Ferline jier maart koene wy wer oan'e slach. Wy ha doe ek besprutsen dat wy - krekt as foarhinne - wer op ús fêste jûnen gebrûk meitsje woenen fan'e Schalle. Dat wie bêst en yn maart en novimber ferline jier gie it goed. Der hie ek noch ris in kear kontakt wêst oer de prizen fan'e konsumpsjes. Foar it nije jier hiene wij gjin nije ôfspraken makke. Dy leine ommers al jierren fêst. Efterôf besjoen hie in tillefoantsje, mei de fraach “Rekkenje jimme wol op ús? ”, net ferkeard west. Mar ja: “Fan efteren sjocht men in ko...”. Foar beide partijen in learmomint sille we mar tinke.

Aginda 2023

Mear ynformaasje by it bestjoer en op ús webstek

25 – 03 – 2023	“Amateurs” fan It Heideblomke, yn De Schalle
16 – 09 – 2023	It Frysk Boun om Utens fiert it 100-jierrich bestean. Sjoch it Kritelûd fan jannewaris 2020, ús webstek www.walingdykstra.frl of www.fryskbutenfryslan.frl.
04 – 11 – 2023	Hjerstjûn
24 – 02 – 2024	De krite Waling Dykstra bestiet 100 jier! Sjoch www.tipbrug.nl/walingdykstra/jubileum

Aktiviteiten fan ús Grinslanner susterferiening yn Meppel, de Grunneger Club “Aigen-Haimers”. Us beider aktiviteiten binne iepenbier, mar de Fraizen binne by de Grunnegers en de Grinzers by de Friezen ekstra wolkom, net wier? Foar guon aktiviteiten moat yntree betelle wurde.

04 – 03- 2023 Veurjoarsverziede. Optreden deur toneelgroep Con Amore

De âlde Friezen

It like Piet Koopmans goed ta om it Folkslied nochris te printsjen yn it Kritelûd. Hjir de oarspronklike fersje fan Eeltsje Halbertsma.

Frysk bloed, tsjoch op! Wol nou'ris broeze ind siede,
Ind bonsje throch myn ieren om.
Flean op! Ik sjong it baeste lân fenn' ierde;
It Frysce lân fol ear ind rom.
Klink den, in dawerje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Ompolske fen it heage sâlte wetter,
Forthroppe op ien terp oaf stins,
Hien' d'âlde Friezen yn de wrâld net better.
Hjar lân ind frydom wier hjar winsk.
Klink den, ind dawerje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Frjemd fen it jok fen frjemde hearen,
Faek earm, mar dochs sterk ind fry,
Hoe de âlde Fries stânfaest by syn menearen.
Hy wier ien Fries, ien Fries stoar hy.
Klink den, ind dawerje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Fen buwchjen frjemd, ind fy fen ljeawe wirden,
Wier rjocht ind sljocht hjar her tind sin.
Hja beane om neat, mar mei de bleate swirden
Soen's' alle thwang ind oerlaest jin.
Klink den, ind dawerje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Sa faek throch stoárm yn djippe sé beditsen,
Oerâlde ljeawe Frysce groun,
Waerd noait dy taye bân forbritsen,
Dy Friezen oan hjar lân forbuwn.
Klink den, ind dawerje fier yn it roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Throchloftich folk fen dizze âlde namme,
Waes jimmer op dy âlders great.
Bljou îwich fen dy grize heage stamme
Ien grien, ien kreftich doerjend leat.
Klink den, ind dawerje fier yn 't roun
Dyn âlde eare, o Frysce groun.

Throch waer ind wyn, tsjin need ind dea to striden. Mei 't gleaune swird yn d'îs'ren hân, Wier wille yn dy fromme tîden, Wier 't foár de frydom fen hjar lân. Klink den, ind dawerje fier yn it roun Dyn âlde eare, o Frysce groun.	

Herman
Jubbega
MITSUBISHI MOTORS
JUBBEGA CAR SERVICE SINCE 1926
Blankenstein 520 MEPPEL
0522 - 24 25 25
www.hermanjubbega.nl

SINDS 1925
PASVEER

Meppel
Heerenveen
Sneek
Drachten
Emmen
Zwolle

En 24 uur per dag
Pasveeronline.nl

SELSKIP "WALING DYKSTRA" MEPPEL E.O.

KONTAKTADRES:

Woldstraat 33, 7941 LE Meppel
walingdykstra@kpnmail.nl
www.walingdykstra.frl

BESTJOER:

Ludzer van der Schors, foarsitter
Veendijk 37
7971 RP HAVELTE
till. 0522 – 49 23 63
e-mail: l.vander.schors@hetnet.nl

Romke E. Egbers, skriuwer
post: sjoch it kontaktadres
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1
e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

Edzer Kooistra, 1e ponghâlder
De Logten 13
8431 KR Easterwâld
till. 06 – 44 86 07 35

Menno Fleischer, 2e ponghâlder
Grote Oever 156
7941 BJ Meppel
till. 0522 - 859233

Piet Koopmans, ledekontakt
Woldstraat 33
7941 LE MEPPEL
till. 0522 – 24 14 34

Leny Altena, karkommisje
Bezettingslaan 78
7943 CN MEPPEL
till. 06 – 52 69 73 40

Kritelûd
Kopij nei:
walingdykstra@kpnmail.nl
of per post:
Veendijk 37, 7971 RP Havelte

BANK fan de Krite
IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93
BIC: RABONL2U
op namme fan "Waling Dykstra"

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?